

PERSBERICHT

Nummer: 078 SB
Datum: 4 juli 2023

Extra subsidie voor agrariërs om stikstofuitstoot te verminderen

De provincies Groningen, Fryslân en Drenthe stellen 8,75 miljoen euro extra budget beschikbaar om de stikstofuitstoot bij agrarische ondernemingen terug te brengen. De Investeringsregeling Reductie Stikstof die 7 juni 2023 van start ging, was in trek en bereikte al op 12 juni 2023 het maximum.

In de eerste ronde zat een budget van ruim 13,75 miljoen. In totaal hebben 416 bedrijven een subsidieaanvraag gedaan. Ongeveer 10 procent van de melkveehouders heeft subsidie aangevraagd; 258 in Fryslân, 84 in Groningen en 74 in Drenthe. Het merendeel vroeg subsidie aan voor mestrobots en voor de aanleg of uitbreiding van opslag- en opvangcapaciteit voor regenwater en van capaciteit voor mestopslag. Een groot deel deed ook adviesaanvragen. De verwachte reductie van de stikstofuitstoot voor de aangevraagde maatregelen per bedrijf is zo'n 5 procent.

Met de subsidie willen de provincies Groningen, Fryslân en Drenthe investeringen stimuleren die bijdragen aan de vermindering van stikstofemissie binnen een agrarische onderneming. En daarmee ook de neerslag op overbelaste Natura 2000-gebieden.

De gedeputeerden Henk Jumelet (provincie Drenthe), Klaas Fokkinga (provincie Fryslân) en Johan Hamster (provincie Groningen) zijn blij dat er veel belangstelling is voor deze regeling. Het laat volgens de gedeputeerden zien dat er bij boeren bereidheid is om hun kennis en vakmanschap in te zetten voor de reductie van stikstof.

Het Rijk heeft in totaal 55 miljoen euro gereserveerd voor eenvoudige maatregelen die de stikstofuitstoot reduceren. Op basis van de ervaring met de eerste en de huidige openstelling wordt bepaald welke maatregelen er in de volgende ronde, dit najaar, worden gesubsidieerd. Het streven is de stikstofuitstoot met 20 procent te verlagen. Een aanvraag indienen kan vanaf 6 juli bij het Samenwerkingsverband Noord-Nederland (SNN).

Kijk voor meer informatie op: <https://www.snn.nl/zakelijke-subsidies/investeringsregeling-reductie-stikstof>.

Nûmer: 078 SB
Datum: 4 july 2023

Ekstra subsydzje foar boeren om stikstofútstjit te ferminderjen

De provinsjes Grinslân, Fryslân en Drinte stelle 8,75 miljoen euro ekstra budzjet beskikber om de stikstofútstjit by agraryske ûndernimmings werom te bringen. De Ynvestearringsregeling Reduksje Stikstof dy 't 7 juny 2023 úteinsette, wie yn trek en berikte al op 12 juny 2023 it maksimum.

Yn de earste omgong siet in budzjet fan goed 13,75 miljoen. Mei-inoar hawwe 416 bedriuwen in subsydzje-oanfraach dien. Sa 'n 10 persint fan de melkfeehâlders hat subsydzje oanfrege; 258 yn Fryslân, 84 yn Grinslân en 74 yn Drinte. It grutste part frege subsydzje oan foar dongrobots en foar de oanlis of útwreiding fan opslach - en opfangkapasiteit foar reinwetter en fan kapasiteit foar dongopslach. In grut part die ek advysoanfragen. De ferwachte reduksje fan de stikstofútstjit foar de oanfrege maatregels it bedriuw is sa'n 5 persint.

Mei de subsydzje wolle de provinsjes Grinslân, Fryslân en Drinte ynvestearrings stimulearje dy 't bydrage oan it ferminderjen fan stikstofemisje yn in agraryske ûndernimming. En dêrmei ek de delslach op oerbelêste Natura 2000 - gebieten.

De deputearren Henk Jumelet (provinsje Drinte), Klaas Fokkinga (provinsje Fryslân) en Johan Hamster (provinsje Grinslân) binne bliid dat der in soad belangstelling is foar dizze regeling. It lit neffens de deputearren sjen dat der by boeren reewilligens is om harren kennis en fakmanskip yn te setten foar de reduksje fan stikstof.

It Ryk hat mei-inoar 55 miljoen euro reservearre foar ienfâldige maatregels dy 't de stikstofútstjit reducearje. Op basis fan de ûnderfining mei de earste en de hjoeddeistige iepenstelling wurdt keazen hokker maatregels oft der yn de folgjende omgong, dizze hjerst, subsidiearre wurde. It stribjen is de stikstofútstjit mei 20 persint te ferleegjen.

In oanfraach yntsjinje kin fan 6 july ôf by it Samenwerkingsverband Noord-Nederland (SNN).

Sjoch foar mear ynformaasje op: <https://www.snn.nl/zakelijke-subsidies/investeringsregeling-reductie-stikstof>.